

It Bûsboekje leit wer yn 'e winkel. Busboekje mei diskear ek, want it tema fan nijste edysje is it iepenbier ferfier yn Fryslân. It is foar it lêst dat it Kristlik Frysk Selskip - foarich jier opgien yn Krúspunt - optreedt as útjouwer. De redaksje wol trochsette, op eigen manneboet of mei in oare útjouwer.

## Bûsboekje ferskynt foar it lêst ûnder flagge KFS



Minke Dooper en  
Piter Andringa.

FOTO LC | SIEP VAN LINGEN

SIETSE DE VRIES

Aginda's binne der yn alle soarten en maten, betochten se oait by it Kristlik Frysk Selskip (KFS), mar net ien mei it Frysk as fiertaal. In Frysk bûsboekje soe dêrom grif yn in ferlet foarsjen. In moaie bykomstichheid wie dat mei sa'n aginda alle jierren in aktueel oersjoch jûn wurde koe fan wat der oan Fryske organisaasjes bestiet. It earste bûsboekje ferskynde yn 1976.

Dat adresse-oersjoch fan dy organisaasjes stiet der 35 jier letter noch yn, itselde jildt foar it de Fryske plaknammen. De Fryske siswizen - foar elke wike ien - binne foar in grut part ferfong troch yn it Frysk oersetse wize wurden fan skriuwers, filosofen en oare tinkers.

Ferantwurdlik foar dat lêste is Minke Dooper, lid fan de bûsboekjeredaksje sûnt 2002. „Ik pak wol altyd earst it wurdboek om te sjen oft der ek siswizen oer it bûsboekjema binne, mar meastal hâldt dat net oer. Twa of trije ha'k fûn diskear.” Se blêdet yn it Bûsboekje fan 2010 om en lêst de tekst

fan Wike 50 foar: „Praat my net fan treinen, sei Metsje, ik gean mei't spoar.”

Foar mear teksten oer reizgjen en iepenbier ferfier hat se har eagen oer in stik as wat sitateboeken gean litten. Soms kaam se by de klassiken út: „Wy meitsje grutte reizen om dingen te sjen dêr't wy yn ús wenplak gjin acht op slaan” fan Plinius de Aldere. In oare kear fûn se it tichter by hûs: „It hearlike fan earste klas reizgje yn de trein is, dat je dêr op 'e lange doer alle linkse yntellektuelen treffe” fan Renate Rubinstein.

It tema krijt ek omtinken yn de yllustraasjes dy't de spreuken en wiisheden ôfwikselje en yn in oantal sjoernalistike ferhalen oer it iepenbier ferfier yn it ferline en it no. Dêr is ûnder oare yn te lêzen dat Fryslân om 1925 hinne 350 streekbusbedriuwen telde.

De redaksje fan it Bûsboekje telt fiif minsken. Piter Andringa is ien fan har. Hy hat in ienmans grafysk ûntwerpbyro yn Wurddum en waard trije jier lyn frege om de foarmjou-

wing foar in oantal jierren te fersoargjen. De redaksje socht in foarmjouwer dy't ek redaksjewurk dwaan koe, sûnt is Andringa redakteur.

„Ik wie dêr wol bliid mei, it is krekt of doch ik no it wurk fan myn suster Lybrich. Dy is yn 2000 stoarn. It Bûsboekje wie in bytsje har libbenswurk. Ik wit noch goed hoe't se altyd nei printerij Wielsma op de Ossekop yn Ljouwert gie om alles te regeljen. Se wie in soart fan art director, makke alderhanne tekeninkjes om it boekje libbener te meitsjen. Dat haw ik no wat oernommen.”

Dat Piter Andringa ek tekenje kin, bewiist er oan de ûnderkant fan de siden. Op alle rjochter siden steane tekeninkjes fan noch gjin sintimeter heech fan in bushalte mei alles wat dêr omrint en -rydt. Wa't it boekje yn in heech tempo by de tûme lâns gliidzje lit, sjocht in tekenfilmke.

Yn it earste jier waard it Bûsboekje printe yn in oplaach fan 2500 stiks. It wie in gat yn 'e merk, sân jier letter wie dat oantal oprûn ta 13.000 eksimplaren. De jierren dêrnei siet de oplaach meast om de 10.000 stiks hinne. Mei de opkomst fan de elektroanyske aginda is it ferlet fan it Bûsboekje der net grutter op wurden, foar 2010 hat de redaksje 4500 boekjes printsje litten. Piter Andringa: „Dat

is oan de krappe kant, wy hoopje dat wy dêr presys genôch oan hawwe.”

Mei't it Kristlike Frysk Selskip opgien is yn Krúspunt (Frysk Oekumensyk Platfoarm) ferdwynt ek de útjouwer fan it Bûsboekje. Neffens Piter Andringa en Minke Dooper betsjut dat net de ein fan it Bûsboekje. It KFS fersoarge te betellingen en stie boarch, foar it oare regele de redaksje alles sels. Dy stelde net allinne it boekje gear, mar ûnderhold ek de kontakten mei de printer en de boekwinkels.

Yn earste ynstânsje woe de redaksje mei It Fryske Boek - de útjouwer fan de Skriuwerskalinder - yn see, mar dat koe net trochgean om't dy organisaasje takom jier opgiet yn Tresoar. No stiet de redaksje foar de kar: in oare útjouwer sykje of in stichting oprjochtsje en it Bûsboekje sels útjaan.

Minke Dooper: „In eigen stichting jout in soad rompslomp. Krije wy der in soad wurk by dêr't wy hielendal gjin nocht oan ha.”

Piter Andringa: „Mar by it KFS wiene wy altyd eigen baas. Dat moat sa bliuwe. Dêrom binne wy al wat huverich om in oare útjouwer te sykjen.”